

FUNCTIEPROFIEL

Organisatie:

Provincie Fryslân

Functie:

Provinciesecretaris / Algemeen Directeur

Yn de mande mei de mienskip wurkje wy oan in moai en sterk Fryslân.

Samen met de mienskip werken we aan een mooi en sterk Fryslân.

~ De Fryske versie van het profiel volgt na de Nederlandstalige versie ~

Chasse Executive Search
Mei 2023

1. Provincie Fryslân

Samen met de mienskip werken we aan een mooi en sterk Fryslân.

Dat is waar de Provincie Fryslân voor staat. Fryslân is een rijke provincie. Rijk aan natuurschoon. Officieel sinds 2010 de mooiste provincie van Nederland. Rijk aan cultuur en taal. Rijk aan fijne plaatsen om te wonen. Maar vooral rijk aan onderlinge banden. Fryslân is kampioen vrijwilligerswerk, bijna de helft van de Friezen is vrijwilliger. Fryslân kent veruit de meeste energiecoöperaties van Nederland. Bijna driekwart van de Friezen is lid van een vereniging. In het culturele hoofdstadjaar 2018 kwamen al die sterke kanten van Fryslân bij elkaar.

Fryslân is in sommige opzichten ook minder rijk. De productie per inwoner ligt bijna een derde lager dan in Nederland. Mede daardoor zijn ook de inkomens in deze provincie lager. Friezen zijn meer dan gemiddeld aangewezen op sociale voorzieningen. De laaggeletterdheid in Fryslân ligt hoog en het aantal Friezen dat doorstudeert is laag.

Toch valt de balans positief uit. De rijkdom die niet in geld is uit te drukken maakt dat 92% van de Friezen gelukkig is. Daarmee is Fryslân landelijk koploper. Friezen koesteren hun 'brede welvaart', vrij vertaald: alles wat hen gelukkig maakt of kan maken. De sterke sociale structuren, sociale gelijkheid en hoge leefbaarheid spelen daarin een belangrijke rol.

Bestuur

Provinciale Staten zijn het hoogste bestuursorgaan van de provincie Fryslân. De Staten vertegenwoordigen de inwoners van Fryslân, bepalen in hoofdlijnen het beleid dat Gedeputeerde Staten moeten uitvoeren en houden hier toezicht op. Elke 4 jaar kiezen de stemgerechtigde inwoners van Fryslân de Statenleden.

Het dagelijks bestuur van de provincie ligt in handen van Gedeputeerde Staten. Zij zijn gekozen door de leden van Provinciale Staten. Provinciale Staten bepalen de richting, Gedeputeerde Staten voeren het beleid uit. Het college van Gedeputeerde Staten bestaat – op dit moment – uit 6 leden, inclusief de Commissaris van de Koning, de heer Arno Brok. Hij is voorzitter van het College van Gedeputeerde Staten.

Organisatie

De provincie Fryslân telt circa 750 medewerkers die samen met de Mienskip werken aan een mooi en sterk Fryslân. De Provinciesecretaris/Algemeen Directeur heeft de leiding over de ambtelijke provinciale organisatie en vormt de verbinding tussen het college van Gedeputeerde Staten en de ambtelijke organisatie. De Provinciesecretaris/Algemeen Directeur is de eerste adviseur van het College van Gedeputeerde Staten en het boegbeeld van de ambtelijke organisatie.

2. Aanleiding van de vacature

Mevrouw Regina Bouius-Riemersma was sinds 2017 Provinciesecretaris/Algemeen Directeur. Met ingang van 1 september 2022 is zij gestart als Algemeen Directeur Nationaal Coördinator Groningen. Hierdoor is de vacature ontstaan voor de positie Provinciesecretaris/Algemeen Directeur van Provincie Fryslân. De heer Arjen Schepers is benoemd tot Provinciesecretaris / Algemeen Directeur a.i. Zijn benoeming loopt tot 1 oktober 2023.

3. De functie en de directe omgeving

Op woensdag 15 maart 2023 waren er verkiezingen voor Provinciale Staten. Kort daarna startte een verkenning naar een nieuwe provinciale coalitie. Op vrijdag 31 maart jongstleden werd bekend dat vier partijen samen een coalitie willen gaan vormen: BBB, PvdA, CDA en ChristenUnie. De verwachting is dat voor het zomerreces een nieuw coalitieakkoord wordt gesloten en een nieuw College van Gedeputeerde Staten aantreedt. De zoektocht naar de nieuwe Provinciesecretaris/Algemeen Directeur loopt gelijk op met dit proces. Het coalitieakkoord zal bepalend zijn voor de opgaven waar de provinciale organisatie voor staat en waar ambities zijn beschreven. De provincie kent straks een organisatiestructuur waarin de Provinciesecretaris/Algemeen directeur samen met twee directeuren het directieteam vormt, dat – samen met de domeinmanagers die onder de directeuren vallen – gezamenlijk werkt aan de realisatie van het bestuursakkoord, de wettelijke en provinciale kerntaken en het beleid dat Provinciale Staten vaststellen. Dit vanuit een integrale visie en aanpak.

De grote taken en vraagstukken waar de provincie voor staat, vragen om een organisatie (bestuurlijk en ambtelijk) die dicht bij de inwoners, bedrijven en (maatschappelijke) organisaties staat. Een organisatie die in de provincie zichtbaar en actief is. Inwoners en organisaties mogen rekenen op een goede dienstverlening vanuit de provincie. Hierbij gaat het niet alleen over wat er geleverd wordt, maar ook hoe de wettelijke taken uitgevoerd en geleverd worden en de manier waarop de provincie samenwerkt met inwoners, organisaties en andere overheden. Het gaat niet alleen om houding en gedrag, techniek en processen, maar ook om een goede interne samenwerking. En naar de Mienskip toe vraagt dat om een omgevingsbewuste en communicatieve organisatie. Het is van belang om de provinciale financiën gezond te houden en een organisatie te hebben die de opgaven van nu en de toekomst aan kan met voldoende capaciteit. De grote uitdagingen vragen om een vitale en slagvaardige organisatie en een directie die dat uitdraagt en hierop stuurt.

Na een participatief traject is in het organisatieplan 2023-2027 beschreven hoe de gewenste cultuur en structuur van de organisatie is. Dit plan is tot stand gekomen met inbreng van de medewerkers. Samen met hen werkt de directie – onder leiding van de

Provinciesecretaris/Algemeen Directeur – eraan om de organisatie verder te vormen, zodat een wendbare organisatie ontstaat met het vermogen om zich aan te passen aan de toekomstige opgaven en vragen vanuit de Mienskip. Een organisatie waarin opgaven en veranderingen gerealiseerd worden, met een heldere structuur en processen, en ook met duidelijke rollen, taken en verantwoordelijkheden. Samengevat: een organisatie met energie, beweging, leiderschap, werkplezier en eigenaarschap, waarin we resultaatgericht, met plezier en in balans werken. Waarin duidelijk is: **'Sa dogge wy dat by de provinsje Fryslân!'**

Voor kandidaten die worden uitgenodigd voor de vervolgstappen in het kader van deze procedure is het organisatieplan van de Provincie Fryslân beschikbaar.

4. De opgave

Van de nieuwe Provinciesecretaris/Algemeen Directeur wordt verwacht dat zij/hij het vastgestelde Organiseringsplan 2023-2027 als uitgangspunt neemt. De nieuwe organisatie start formeel per 1 januari 2024. De nieuwe organisatie vormt de basis voor de verwezenlijking van de inhoudelijke agenda voor de komende jaren op basis van het nieuwe coalitieakkoord. Vanuit de 'scharnier'-functie van Provinciesecretaris/Algemeen Directeur is de belangrijkste opgave het samenbrengen van de strategische koers en daarmee de inhoudelijke focus voor de provincie. Je draagt zorg voor afstemming met het College en vervult een schakelfunctie in een politiek, bestuurlijk en maatschappelijk krachtenveld. Je ondersteunt hen bij bestuurlijke portefeuilles en bij het maken van strategische afwegingen. Je bevordert de verbinding tussen de bestuurlijke opgaven en de ambtelijke organisatie met specifieke aandacht voor **(aanspreek)cultuur, sturing en politieke sensitiviteit**. Je bent de verbindende schakel zowel richting Gedeputeerde Staten en – via de 'driehoek' – met Provinciale Staten en hebt oog voor vraagstukken die daar leven. Je bent in staat om duidelijk én realistisch de bestuurlijke ambities te vertalen naar de organisatie en vice versa aan te geven wat de organisatie wel én niet kan realiseren.

In het verlengde hiervan bouw je aan het nieuwe directieteam en geef je leiding aan de verdere ontwikkeling en implementatie van het gekozen organisatieplan. Speciale aandacht is daarbij voor het versterken van het integraal samenwerken, het werken als één overheid, het versterken van het (persoonlijk) leiderschap, resultaatgerichtheid en de politiek bestuurlijke sensitiviteit.

Je verstevigt de positionering van Fryslân, zowel in 'Den Haag' als 'Brussel' en hebt oog voor de soms tegenstrijdige belangen en voor nieuwe vormen van bestuurlijke en ambtelijke samenwerking. Voor Fryslân relevante ontwikkelingen vertaal je naar zowel het college als de organisatie.

5. De kandidaat

Provincie Fryslân is daarom op zoek naar een Provinciesecretaris/Algemeen Directeur die vanuit **verbinding** – binnen én buiten – tot maatschappelijk resultaat komt. Die vanuit voorbeeldgedrag leiding geeft aan een organisatie die dicht bij de inwoners, bedrijven en (maatschappelijke) organisaties staat. Een organisatie die in de provincie zichtbaar en actief is. En naar de Mienskip toe omgevingsbewust en communicatief is. Een **politiek-bestuurlijk sensitief strateeg** die als eerste adviseur van het College van GS de visie op de opgave van Fryslân vertaalt in (gevraagde en ongevroegde) adviezen aan het college, verschillende rollen aanneemt, staat voor kritisch samenspel en het natuurlijk gezag heeft om medewerkers mee te nemen in alle dimensies van de besluitvorming. Je vormt de **schakel** tussen bestuur en organisatie en geeft **besluitvaardig** sturing en richting aan de implementatie van het organisatieplan. Je bent authentiek, beschikt over **doorzettingskracht** en bent je bewust van de diversiteit aan taken en rollen. Je beschikt daarom over **flexibiliteit in stijlen** passend bij rol en opgave: je weet wanneer je moet coachen, ruimte geeft, strak(ker) stuurt en wanneer je op je handen moet zitten. Een **professional met hart voor de publieke zaak en het middenbestuur** die ervaring in de sturing van complexe en grote publieke (uitvoerings-)organisaties omzet in concrete resultaten. Een **teamspeler** met medezeggenschap hoog in het vaandel die nieuwsgierig is en mensen inspireert en staat voor de organisatie en deze in positie brengt. Je bent **mensgericht**, toegankelijk en luistert. **'Sa dogge wy dat by de provinsje Fryslân!'** is jouw motto en bepalend voor jouw houding en gedrag. Je bent een **ambassadeur** voor Fryslân die makkelijk en strategisch schakelt binnen én buiten Fryslân. Je bent een **netwerker** die het belang van Fryslân zowel in 'Den Haag' als 'Brussel' scherp heeft én positioneert.

Functie-eisen

- Academisch opleiding.
- Meerjarige ervaring (+10 jaar) als eindverantwoordelijke binnen een politiek-bestuurlijke en complexe omgeving.
- Kennis van en ervaring met organisatieontwikkelings-vraagstukken en in staat dit verder te implementeren.
- Een eigentijdse kijk op het openbaar bestuur, de positie van het middenbestuur daarin en samenwerking.
- Een moderne opvatting over samenwerking en integraal werken.

Van de nieuwe Provinciesecretaris/Algemeen Directeur wordt verwacht dat hij/zij woonachtig is in Fryslân dan wel het voornemen heeft om naar Fryslân te verhuizen.

Van kandidaten wordt niet verwacht dat zij de Fryske taal machtig zijn, het vormt uiteraard wel een pré. Wel wordt van kandidaten gevraagd dat ze grote affiniteit met en interesse hebben in de Fryske taal en cultuur. Van kandidaten die de Fryske taal niet spreken of verstaan wordt minimaal verwacht dat zij – op korte termijn – een cursus volgen om het Frysk te kunnen lezen en verstaan. Het is een pré als niet Friestalige kandidaten aangeven het Fries ook daadwerkelijk in de toekomst te willen gaan spreken.

6. Bijzonderheden

Gelijktijdig aan deze procedure vindt de werving van de twee directeuren (Directeur Beleid & Programma's en Directeur Bedrijfsvoering & Uitvoering) en vijf domeinmanagers plaats. De domeinmanagers rapporteren aan de directeuren. Voor de zomer is daarmee zicht op zowel de nieuwe directeuren als de domeinmanagers die allen na de zomervakantie (rond 1 september) dienen te starten. De start van de nieuwe organisatie is voorzien per 1 januari 2024 waarbij de periode september t/m december 2023 wordt benut om de start van de nieuwe organisatie voor te bereiden.

Het voornemen is dat de nieuwe Provinciesecretaris/Algemeen Directeur per 1 oktober of 1 november 2023 start zodat zowel de start van het nieuwe College én de nieuwe directie als de voorbereiding van de nieuwe organisatie meegemaakt kan worden. Dit ook met het oog op teamvorming, zowel met het college als het directieteam. In goed overleg komt de overdracht en afronding door de waarnemend Provinciesecretaris/Algemeen Directeur tot stand.

7. Arbeidsvoorwaarden

De functie Provinciesecretaris/Algemeen Directeur is gewaardeerd in schaal 18 van de cao Provincies 2022-2023. Hiermee bedraagt de maximale maandelijkse bezoldiging € 11.280,28 bruto op basis van 36 uur per week. De bezoldiging is exclusief het Individuele Keuzebudget van circa 22% (bestaande uit onder andere vakantiegeld en een structurele eindejaarsuitkering. Pensioenopbouw verloopt via het ABP.

Een screening en ontwikkelassessment maken mogelijk deel uit van de procedure.

8. De procedure


Voor Provincie Fryslân begeleidt Chasse Executive Search de zoektocht naar de nieuwe Provinciesecretaris/Algemeen Directeur. Voor deze procedure is een Selectiecommissie onder voorzitterschap van de heer Arno Brok, Commissaris van de Koning ingesteld. Namens Chasse begeleidt [Ferdinand de Lange](#) de procedure.

Solliciteren - sluitingsdatum: vrijdag 16 juni 2023

Sluitingsdatum voor de schriftelijke sollicitatie met motivatie en curriculum vitae (in PDF) is vrijdag 16 juni 2023 via info@chassesearch.nl.

De planning is als volgt:

Datum	Activiteit
31 mei t/m 23 juni 2023	<ul style="list-style-type: none"> Openstelling vacature en gerichte search door Chasse: vrijdag 2 juni t/m vrijdag 16 juni 2023 Voorselectie kandidaten door Chasse: 19 t/m 22 juni 2023 Toesturen kandidatenoverzicht aan de Selectiecommissie door Chasse: vrijdag 23 juni 2023
26 juni 2023	<ul style="list-style-type: none"> Bespreken kandidatenoverzicht met de Selectiecommissie. Selectie van shortlist kandidaten voor de 1e gespreksronde.
4 & 6 juli 2023	<ul style="list-style-type: none"> 1^e Gespreksronde met de Selectiecommissie (circa 3 tot 4 kandidaten): dinsdagavond 4 juli 2023 & donderdag avond 6 juli 2^e Gespreksronde via een 'carrousel' met de Selectiecommissie en de Adviescommissie (maximaal 2 kandidaten): dinsdagavond 11 juli 2023 Besluit over voorkeurskandidaat. <u>Parallel</u>: Arbeidsvoorwaardengesprek, referentieonderzoek door Chasse (of screening).
7 juli 2023 en verder	<ul style="list-style-type: none"> 'Klik'-gesprek met (een vertegenwoordiging) van het (nieuwe) College van Gedeputeerde Staten. Adviesaanvraag OR. <u>Parallel</u>: Arbeidsvoorwaardengesprek, referentieonderzoek door Chasse (en/of screening) Definitieve benoeming voorkeurskandidaat door het College van Gedeputeerde Staten.
22 juli t/m 3 september 2023	Zomervakantie Regio Noord
1 oktober of 1 november 2023	Start Provinciesecretaris / Algemeen Directeur van de Provincie Fryslân (afhankelijk van opzegtermijn)



FUNKSJEPROFYL

Organisaasje:

Provinsje Fryslân

Funksje:

Provinsjesekretaris / Algemien Direkteur

Yn 'e mande mei de mienskip wurkje wy oan in moai en sterk Fryslân.

Chasse Executive Search
Maaie 2023

1. Provinsje Fryslân

Yn 'e mande mei de mienskip wurkje wy oan in moai en sterk Fryslân.

Dat is wêr't de Provinsje Fryslân foar stiet. Fryslân is in rike provinsje. Ryk oan natuerskjinntme. Offisjeel sûnt 2010 de moaiste provinsje fan Nederlân. Ryk oan kultuer en taal. Ryk oan noflikke plakken om te wenjen. Mar benammen ryk oan ûnderlinge bannen. Fryslân is kampioen frijwilligerswurk, hast de helte fan de Friezen is frijwilliger. Fryslân hat fierwei de measte enerzjykoöperaasjes fan Nederlân. Hast trijekwart fan de Friezen is lid fan in feriening. Yn it kulturele haadstêdjier 2018 kamen al dy sterke kanten fan Fryslân byinoar.

Fryslân is yn guon opsichten ek minder ryk. De produksje de ynwenner leit hast in tredde leger as yn Nederlân. Mei dêrtroch binne ek de ynkommens yn dizze provinsje leger. Friezen binne mear as gemiddeld op sosjale foarsjennings oanwiisd. It tal minsken mei in beheinde taalfeardigens yn Fryslân leit heech en it tal Friezen dat trochleart is leech.

Dochs falt de balâns posityf út. De rykdom dy't net yn jild út te drukken is makket dat 92% fan de Friezen lokkich is. Dêrmei rint Fryslân lanlik foarop. Friezen koesterje harren 'brede wolfeart', frij fertaald: alles wat harren lokkich makket of meitsje kin.

De sterke sosjale struktueren, sosjale gelikensens en hege leefberens spylje dêr in wichtige rol yn.

Bestjoer

Provinsjale Steaten binne it heechste bestjoersorgaan fan de provinsje Fryslân. De Steaten fertsjintwurdige de ynwenners fan Fryslân, stelle yn haadlinen it belied dat Deputearre Steaten útfiere moatte fêst en hâlde dêr tafersjoch op. Ienris yn 'e fjouwer jier kieze de stimberjochtige ynwenners fan Fryslân de Steateleden.

It deistich bestjoer fan de provinsje leit yn hannen fan Deputearre Steaten. Sy binne troch de leden fan Provinsjale Steaten keazen. Provinsjale Steaten stelle de rjochting fêst, Deputearre Steaten fiere it belied út. It kolleezje fan Deputearre Steaten bestiet – op it stuit – út seis leden, ynklusyf de kommissaris fan de Kening, de hear Arno Brok. Hy is foarsitter fan it kolleezje van Deputearre Steaten.

Organisaasje

De provinsje Fryslân telt sawat 750 meiwurkers dy't yn 'e mande mei de mienskip oan in moai en sterk Fryslân wurkje. De Provinsjesekretaris/Algemien direkteur hat de lieding oer de amtlike provinsjale organisaasje en foarmet de ferbining tusken it kolleezje fan Deputearre Steaten en de amtlike organisaasje. De Provinsjesekretaris/Algemien direkteur is de earste adviseur fan it kolleezje fan Deputearre Steaten en it boechbyld fan de amtlike organisaasje.

2. Oanlieding fan de fakatuere

Frou Regina Bouius-Riemersma wie sûnt 2017 Provinsjesekretaris/Algemien direkteur. Mei yngong fan 1 septimber is sy úteinset as Algemeen Directeur Nationaal Coördinator Groningen. Dêrtroch is de fakatuere foar de posysje Provinsjesekretaris/Algemien Direkteur fan Provinsje Fryslân ûntstien. De hear Arjen Schepers is beneamd ta Provinsjesekretaris/Algemien Direkteur a.y. Syn beneaming rint oant 1 oktober 2023.

3. De funksje en it direkte fermidden

Op woansdei 15 maart 2023 wiene der ferkiezings foar Provinsjale Steaten. Flak dêrnei sette in ferkennenning nei in nije provinsjale koälysje útein. Op freed 31 maart II. waard bekend dat fjouwer partijen mei-inoar in koälysje foarmje wolle: BBB, PvdA, CDA en ChristenUnie. De ferwachting is dat foar it simmerreses in nij koälysje-akkoart sletten wurdt en in nij kolleezje fan Deputearre Steaten úteinsette sil. De syktocht nei de nije Provinsjesekretaris/Algemien direkteur giet lyk op mei dit proses. It koälysje-akkoart sil beskiedend wêze foar de opjeften dêr't de provinsjale organisaasje foar stiet en dêr't ambysjes beskreaun binne. De provinsje hat anst in organisaasjestrutuer wêryn't de Provinsjesekretaris/Algemien direkteur yn 'e mande mei twa direkteuren it direksjeteam foarmet, dat – yn oparbeidzjen mei de domeinmanagers dy't ûnder de direkteuren falle – mei-inoar wurket oan de realisaasje fan it bestjoersakkoart, de wetlike en provinsjale keartaken en it belied dat Provinsjale Steaten fêststelle. Dat op grûn fan in yntegrale fisjy en oanpak.

De grutte taken en fraachstikken dêr't de provinsje foar stiet, freegje om in organisaasje (bestjoerlik en amtlik) dy't tichteby de ynwenners, bedriuwen en (maatskiplike) organisaasjes stiet. In organisaasje dy't yn 'e provinsje sichtber en aktyf is. Ynwenners en organisaasjes meie rekkenje op in goede tsjinstferliening troch de provinsje. Dêrby giet it net allinne oer wat der levere wurdt, mar ek hoe't de wetlike taken útfierd en levere wurde en de manier wêrop't de provinsje mei ynwenners, organisaasjes en oare oerheden gearwurket. It giet net allinne om hâlding en gedrach, technyk en prosessen, mar ek om in goede ynterne gearwurking. En nei de mienskip ta freget dat om in organisaasje dy't har bewust is fan har omjouwing en kommunikatyf is. It is fan belang om de provinsjale finânsjes sûn te hâlden en in organisaasje te hawwen dy't de opjeften fan no en de takomst oan kin mei foldwaande kapasiteit. De grutte útdagings freegje om in fitale en slachfeardige organisaasje en in direksje dy't dat útdraacht en dêrop stjoert.

Nei in partisipatyf trajekt is yn it organisaasjeplan 2023-2027 beskreaun hoe't de winske kultuer en strutuer fan de organisaasje is. Dat plan is mei ynbring fan de meiwurkers ta stân kommen. Yn oparbeidzjen mei harren wurket de direksje – ûnder lieding fan de Provinsjesekretaris/Algemien direkteur – deroan om de organisaasje fierder stal te jaan, sadat in linige organisaasje ûntstiet mei it fermogen om him oan te passen oan de

takomstige opjeften en fragen út de mienskip wei. In organisaasje dêr't opjeften en feroarings yn realisearre wurde, mei in heldere struktuer en prosessen, en ek mei dúdlike rollen, taken en ferantwurdlikheden. Gearfette: in organisaasje mei enerzjy, beweging, liederskip, wurkwille en eigerskip, wêryn't wy rjochte op resultaat, mei wille en yn balâns wurkje. Wêryn't dúdlik is: **'Sa dogge wy dat by de provinsje Fryslân!'**

Foar kandidaten dy't foar ferfolchstappen yn it ramt fan dizze prosedure útnûge wurde, is it organisaasjeplan fan de Provinsje Fryslân beskikber.

4. De opjeffe

Fan de nije Provinsjesekretaris/Algemien direkteur wurdt ferwachte dat sy/hy it fêststelde Organisaasjeplan 2023-2027 as útgangspunt nimt. De nije organisaasje set formeel op 1 jannewaris 2024 útein. De nije organisaasje foarmet de basis foar it ferwêzentlikjen fan de ynhâldlike aginda foar de kommende jierren op basis fan it nije koälysje-akkoart. Op grûn fan de 'knier'-funksje fan de Provinsjesekretaris/Algemien direkteur is de wichtichste opjeffe it byinoar bringen fan de strategyske koers en dêrmei de ynhâldlike fokus foar de provinsje. Jo steane noed foar ôfstimming mei it kolleezje en ferfolje in skeakelfunksje yn in polityk, bestjoerlik en maatskiplik krêftfjild. Jo stypje harren by bestjoerlike portefúljes en by it meitsjen fan strategyske ôfwagings. Jo befoarderje de ferbining tusken de bestjoerlike opjeften en de amtlike organisaasje mei spesifyk omtinken foar **(oansprek)kultuer, stjoering en politike sensitiviteit**. Jo binne de ferbinende skeakel rjochting Deputearre Steaten en – fia de 'trijehoek' – mei Provinsjale Steaten en hawwe each foar fraachstikken dy't dêr libje. Jo binne by steat om de bestjoerlike ambysjes dúdlik én realistysk nei de organisaasje oer te bringen en vice versa oan te jaan wat de organisaasje wol én net realisearje kin.

Yn oansluting dêrop bouwe jo oan it nije direksjeteam en jouwe jo lieding oan de fierdere ûntwikkeling en ymplemtaasje fan it keazen organisaasjemodel. Spesjaal omtinken is dêrby foar it fuortsterkjen fan it yntegraal gearwurkjen, it wurkjen as ien oerheid, it fuortsterkjen fan it (persoanlik) liederskip, it doelfêst wêzen en de polityk bestjoerlike sensitiviteit.

Jo ferstevigje de posisjonearring fan Fryslân, yn 'Den Haag' likegoed as yn 'Brussel' en hawwe each foar de somtiden tsjinstridige belangen en foar nije foarmen fan bestjoerlike en amtlike gearwurking. Foar Fryslân relevante ûntwikkelingen bringe jo nei it kolleezje likegoed as de organisaasje oer.

5. De kandidaat

Provinsje Fryslân siket dêrom nei in Provinsjesekretaris/Algemien direkteur dy't troch **ferbining** – binnen én bûten – ta maatskiplik resultaat komt. Dy't troch foarbyldgedrach lieding jout oan in organisaasje dy't tichteby de ynweners, bedriuwen en (maatskiplike) organisaasjes stiet. In organisaasje dy't yn de provinsje sichtber en aktyf is. En nei de mienskip ta omjouwingsbewust en kommunikatyf is. In **polityk-bestjoerlik sensityf strateech**, dy't as earste adviseur fan it kolleezje fan DS de fisy op de opjefte fan Fryslân yn (frege en net-frege) advizen oan it kolleezje útwurket, ûnderskate rollen oannimt, stiet foar krityske ynteraksje tusken bestjoer, polityk en de amtlike tsjinst en it natuerlik gesach hat om meiwurkers yn alle diminsjes fan de beslútfoarming mei te nimmen. Jo foarmje de **skeakel** tusken bestjoer en organisaasje en jouwe **beret** stjoering en rjochting oan de ymplementaasje fan it organisaasjeplan. Jo binne autentyk, beskikke oer **trochsetkrêft** en jo binne jo bewust fan it ferskaat oan taken en rollen. Jo beskikke dêrom oer **fleksibiliteit yn stilen** dy't passe by rol en opjefte: jo witte wannear't jo coache moatte, romte jouwe, strak(ker) stjoere en wannear't jo op jo hannen sitte moatte. In **professional mei hert foar de publike saak en it middenbestjoer** dy't ûnderfining yn it stjoeren fan komplekse en grutte publike (útfierings-)organisaasjes yn konkrete resultaten omset. In **teamspiler** dy't meisizzenskip wichtich achtet, nijsgjirrich is en minsken ynspirearret en stiet foar de organisaasje en dy yn posysje bringt. Jo binne **op it yndividu ôfstimd**, tagonklik en harkje. **'Sa dogge wy dat by de provinsje Fryslân!'** is jo motto en beskiedend foar jo hâlding en gedrach. Jo binne in **ambassadeur** foar Fryslân dy't maklik en strategysk skeakelet yn én bûten Fryslân. Jo binne in **netwurker** dy't it belang fan Fryslân yn 'Den Haag' likegoed as yn 'Brussel' skerp hat én posisjonearret.

Funksje-easken

- Akademyske oplieding.
- Mearjierrige ûnderfining (+10 jier) as einferantwurdlike yn in polityk-bestjoerlik en kompleks fermidden.
- Kennis fan en ûnderfining mei organisaasjeûntwikkelings-fraachstikken en by steat dy fierder yn te fieren.
- In eige tiidske fisy op it iepenbier bestjoer, de posysje fan it middenbestjoer dêryn en gearwurking.
- In moderne opfetting oer gearwurking en yntegraal wurkjen.

Fan de nije Provinsjesekretaris/Algemien direkteur wurdt ferwachte dat hy/sy yn Fryslân wennet of it foarnimmen hat om nei Fryslân ta te ferhúzjen.

Fan kandidaten wurdt net ferwachte dat sy de Fryske taal machtich binne, it is fansels wol in pree. Wol wurdt fan kandidaten frege dat se grutte affiniteit mei en ynteresse yn de Fryske taal en kultuer hawwe. Fan kandidaten dy't de Fryske taal net prate of fersteane wurdt op syn minst ferwachte dat sy – op koarte termyn – in kursus folgje om it Frysk ferstean en lêze te kinnen. It is in pree as net-Frysktalige kandidaten oanjouwe dat sy yn 'e takomst it Frysk ek echt prate wolle.

6. Bysûnderheden

Tagelyk mei dizze prosedure begjinne wy mei it oanlûken fan de twa direkteuren (direkteur Belied & Programma's en direkteur Bedriuwsfiering & Utfiering) en fiif domeinmanagers. De domeinmanagers rapportearje oan de direkteuren. Foar de simmer is dêrmei sicht op de nije direkteuren likegoed as de domeinmanagers, dy't allegearre nei de simmerfakânsje (om 1 septimber hinne) úteinsette moatte. De start fan de nije organisaasje is op 1 jannewaris 2024 foarsjoen. De perioade septimber o/m desimber 2023 wurdt brûkt om de start fan de nije organisaasje ta te rieden.

It foarnimmen is dat de nije Provinsjesekretaris/Algemien direkteur op 1 oktober of 1 novimber 2023 úteinset, sadat de start fan it nije kolleezje én de nije direksje likegoed as de tarieding fan de nije organisaasje meimakke wurde kin. Dat ek mei it each op teamfoarming, mei it kolleezje likegoed as mei it direksjeteam. Yn goed oerlis komt de oerdracht en it ôfsluten troch de waarnimmend Provinsjesekretaris/Algemien direkteur ta stân.

7. Arbeidsbetingsten

De funksje Provinsjesekretaris/Algemien direkteur is wurdearre yn skaal 18 fan de cao Provinsjes 2022-2023. Dêrmei bedraacht it maksimum lean € 11.280,28 smoarch yn 'e moanne op basis fan 36 oeren yn 'e wike. It lean is eksklusyf it Yndividuele Karbudzjet fan likernôch 22% (bestearde út ûnder oare fakânsjeild en in strukturele einjiersútkearing). Pensjoenopbou ferrint fia it ABP.

In screening en ûntwikkelassessment meitsje mooglik diel fan de prosedure út.

8. De prosedure

Foar Provinsje Fryslân begeliedt Chasse Executive Search de syktocht nei de nije Provinsjesekretaris/Algemien direkteur. Foar dizze prosedure is in seleksjekommisje ûnder foarsitterskip fan de hear Arno Brok, kommissaris fan de Kening, ynsteld. Ut namme fan Chasse begeliedt [Ferdinand Lange](#) de prosedure.

Sollisitearje - slufingsdatum: freed 16 juny 2023

Slufingsdatum foar de skriftlike sollisitaasje mei motivaasje en curriculum vitae (yn PDF) is freed 16 juny 2023 fia info@chassesearch.nl.

De planning is as neikomt:

Datum	Aktiviteit
31 maaie o/m 23 juny 2023	<ul style="list-style-type: none"> lepenstelling fakatuere en doelbewust sykje troch Chasse: freed 2 juny o/m freed 16 juny 2023 Foarseleksje kandidaten troch Chasse: 19 o/m 22 juny 2023 Kandidate-oersjoch oan de seleksjekommisje tastjoere troch Chasse: freed 23 juny 2023
26 juny 2023	<ul style="list-style-type: none"> Kandidate-oersjoch mei de seleksjekommisje beprate. Seleksje fan shortlist kandidaten foar de 1e petearomgong.
4 & 6 july 2023	<ul style="list-style-type: none"> 1^e petearomgong mei de seleksjekommisje (likernôch 3 oant 4 kandidaten): tiisdei 4 july 2023 & tongersdei 6 july 2023 2^e petearomgong fia in 'carrousel' mei de seleksjekommisje en advyskommisje (maksimaal 2 kandidaten): tiisdei 11 july 2023 Beslút oer foarkarskandidaat. <u>Parallel</u>: Arbeidsbetingstenpetear, referinsjeûndersyk troch Chasse (of screening): 17 t/m 21 july 2023
7 july 2023 en dêrnei	<ul style="list-style-type: none"> 'Klik'-petear mei (in fertsjintwurdiging) fan it (nije) kolleezje fan Deputearre Steaten. Advysaanfraach OR. <u>Parallel</u>: Arbeidsbetingstenpetear, referinsjeûndersyk troch Chasse (en/of screening) Definitive beneaming foarkarskandidaat troch it kolleezje fan Deputearre Steaten.
22 july o/m 3 septimber 2023	Simmerfakânsje Regio Noard
1 oktober of 1 novimber 2023	Start Provinsjesekretaris / Algemien direkteur fan de Provinsje Fryslân (ôfhinklik fan opsistermyn)